



Aanblik op de tentoonstelling in de Gelderland Bibliotheek. Foto: Monique Gjaltema.

staat van Filips de Schone, die in 1506 na het kaatsen kou vatte en overleed en de *Colloquia* van Erasmus, waarin hij over het kaatsen schreef (1520). Natuurlijk kwamen de (moderne) kaatsregels erbij te liggen, met een plattegrond van het kaatsveld.

Het kasteel van Culemborg kreeg in een aparte vitrine aandacht aan de hand van mooi, oud materiaal, met uitklapbare kaarten en ingekleurde illustraties. Een andere vitrine was gewijd aan huis Bergh in

's-Heerenberg. Van de toenmalige kaatsbaan daar zijn heden ten dage nog resten terug te vinden. Sporen van het kaatsen liggen overigens ook in een recenter verleden, namelijk in (het Gelderse) Oldebroek tijdens de Eerste Wereldoorlog, waar Belgische vluchtelingen toen geïnterneerd waren. Onder hen bevonden zich zeer goede kaatsers, die veel prijzen wonnen.

Al met al vond met de tentoonstelling in de Gelderland Bibliotheek een kleine zichtbare

“opleving” van het Gelderse kaatsen plaats. De tentoonstelling begon in de meidagen en eindigde midden in de zomervakantie. In deze periode wordt de bibliotheek in het algemeen minder druk bezocht. De bezoekers die ons toch wisten te vinden, hebben zeer genoten van het (Friese) moois. Maar het blijft (nog) een onbekende combinatie: kaatsen en Gelderland.

Fineke Burgers

Och heden ja ... Keatsfoto's mei ferhalen op www.kaatshistorie.nl

Twa jier lyn waard ik op myn wurk by Tresoar frege om te helpen by it beskriuwen fan in keatsfilmke. De film bestie út twa koarte fragminten, dêr't fierders neat fan bekend wie. Ik koe wol sjen út hokker perioade oft it filmke kaam, ik herkende ek guon keatsers, mar de plakken wienen my net alhiel dúdlik. Doe't ik de fragminten oan in tal frijwilligers fan it Keatsmuseum foarlei, wienen dy gau út de rie. It earste fragmint liet de haadklassepartij yn Doanjum sjen en it twadde wie makke op ien fan de Van Aismadagen op it âlde keatsfjild yn Bitgum.

Gearwurkingsprojekt

Boppesteande erfaring leit oan de basis fan in bysûnder gearwurkingsprojekt tusken it Keatsmuseum yn Frjentsjer en Tresoar yn Ljouwert. Doel fan de gearwurking is om alle foto's en films fan it Keatsmuseum te digitalisearjen en fia in ynteraktive webside tagonklik makke wurde foar elkenien. It Keatsmuseum soarget foar de frijwilligers en Tresoar foar har oplieding en foar de begelieding fan it wurkproses. De finansjele realisearje fan de webside waard mooglik makke troch in tal fûnsen en troch De Freonen fan it Keatsmuseum. It ûnderhâld fan de side wurdt dien troch frijwilligers fan it Keatsmuseum. Dat ûnderhâld is wichtich, want de besiker wurdt mei klam frege om ûntbrekkende gegevens by de foto's oan te foljen. Mar it giet *net allinnich* om feitlike ferbetterings. Noch folle wichtiger is dat besikers keatsferhalen en

keatsanekdoates dy't harren yn 't sin sjitte by it besjen fan foto's, nei de redaksje stjoere. Dêrom is oan elke foto in mailformulier keppele. De nije ynformaasje wurdt troch de redaksje besjoen en nei goedkarren en eventueel bewurkjen tafoege oan de foto. Doel is dat der sa in libbene side ûntstiet, dêr't keatsleafhawwers har reaksjes op kwyt kinne.

Ynhâld

It wichtichste diel fan de side binne de keatsfoto's. Ein 2009 wienen der sa'n 4.000 foto's scand, beskreaun en foar it publyk te besjen. Undertusken giet it wurk troch, want de skatting is dat der mei-inoar sa'n 25.000 foto's scand wurde moatte. Alle freden binne Meindert en Tryntsje Heeg, Germ Gjaltema en Jan Suiveld dêrmei dwaande. Willem Hiemstra docht alle einkontrôles en Hendrik Porte is belutsen by it goedkarren fan de ynkommen reaksjes.

Nêst de foto's is der ek oandacht foar it digitalisearjen fan keatsfilms en lûdsfragminten. Der stiet al in oantal op, mar der is earst prioriteit jûn oan de foto's. Yn 2010 sil besocht wurde om dêr noch mear wurk fan te meitsjen. Foar Tresoar wie it ek wichtich om omtinken te jaan oan it Frysk en dêrom stiet der elke fjirtjin dagen in kwisfraach op de side dy't te meitsjen hat mei it kaatsen en de Fryske taal.

De auteurs en de redaksje fan *De Keatsfreon* ha har meiwurking jûn om de artikels út dat blêd in jier nei

ferskjen op de side te pleatsen. Op dit stuit wurdt der fierder wurke om by de foto's fan de PC, de Bûnswedstriden en de Freule in link oan te bringen nei artikels út de Ljouwerter Krante op ynternet. Ien klik op de mûs makket it dan mooglik om it ferslach te lêzen fan in PC, Bûnswedstriid of Freulepartij. By guon foto's steane sels links nei mear artikels.

Yn 'e loft

De side waard presintearre op de ôfrûne Algemiene Hjerstgearkomste fan de KNKB. De earste wiken al wie der in protte belangstelling en der kamen ek in soad reaksjes. Sels út it bûtenlân wie der al belangstelling.

Fan de mear as 150 reaksjes wie net ien negatyf. De redaksje krige in soad wurdearring foar har inisjatyf en



Meindert en Tryntsje Heeg, twa fan de frijwilligers, dy't yn Tresoar alle freedes dwaande binne om foto's te scannen en te beskriuwen. Foto: Haje Bijlstra.

Johan van Seijst skreau: 'Dit is fantastisch'. De proefperiode is yntusken evaluearre en der is in tal lytse oanpassings dien yn it syksysteem en yn it wurkproses.

Takomst

Ien fan de fragen dy't de redaksje krige, wie: 'Komme der ek CFK-foto's op de side?' Dy fraach hat foar it bestjoer fan it Keatsmuseum oanlieding west om yn de rin fan 2010 in wurkgroepke gear te stellen dat as opdracht kriget om de CFK-foto's earst ris goed te systematisearjen en te beskriuwen. Dêrnei kinne ek dy foto's digitalisearre wurde.

Der kaam ek in protte aanbod fan ferienings en partikulieren. Dat wie moai fansels, mar it is foarearst parkeard om't der foarrang jûn wurdt oan de eigen kolleksje. It is lykwols net útsluten dat der op termyn in oanfolling komme kin fan foto's út oare kolleksjes.

As ekstra is de mooglikheid ynboud om yn de takomst oare histoaryske ynformaasje oer it keatsen op de side te presintearjen. Dêrby falt te tinken oan keatslisten, affysjes en sels it digitalisearjen fan alle jiergongen fan de *Wis-In* soe yn prinsipe mooglik wêze.

Ta beslút. De webside sil ferfarske wurde as der wer in fiks tal foto's scand en beskreaun is.

Theo Kuipers

Ferantwurdig:

Dit stik is foar in part earder publisearre yn *Letterhoeke* jiergong 5 (2009) nûmer 3, s. 10.

Jan de Groot fan Weidum fertelde oer ûndersteande foto it folgjende: 'Wy stienen yn de finale fan de Bûnswedstriid yn 1941 mei 5-1 en 6-0 foar, dêrnei mei 5-3 en 6-0 en ek nochris mei 5-5 en 6-0. Mar wy ferlearen de partij al. Doe't wy op 'e fyts fan Frjentsjer nei Weidum rieden, sei ús opslagger Folkert Hiddinga: "As wy aansens thúskomme, dan soal ik dat ding (de 2de priis) yn de Weidumer feart."' It is net bekend oft dat ek bard is. Jan de Groot stie doe as jonge fan krekt achttjin jier achtern yn foarynse wie Jorke Jellema, mear as tsien jier âlder en yn dy tiid ien fan de bêste keatsers, mar no de ferliezer. By de boppeneamde



Folkert Hiddinga, Jan de Groot en Georg (Jorke) Jellema fan KF 'Nije Kriich' út Weidum op de ferlerne Bûnswedstriid fan 2 juny 1941. Foto: Keatsmuseum.

stannen frege Jan hieltiten wer oan Jellema: 'Jellema mei ik even foaryn, want dan is it út.' 'Nee jonge, bliuw do dêr mar achter by it kleedsje', wie it antwurd. En sa ferlear Weidum op dramatyske wize de Bûnspartij.

Doarpsgenoat Jan Bangma hie muoite mei dy gong fan saken en frege dêrom oan it bestjoer fan de keatsferiening yn Weidum om op in snein foar 'de Bond' in ôfdielingspartij te organisearjen. Dan koene de ôfdielings harren keatsers ris teste en sjen wa oft der nei 'de Bond' moasten. Dat gong oan en sa is de 'Bangma-partij' ta stân kommen. Bangma sels stelde in wikselbeker foar de partij beskikber.


De striid om de sulveren bal: in boppeslach!

Tryater, Jeugdtheaterschool/'n Meeuw en Stadschouwburg De Harmonie soargen derfoar dat de Fryske befolking yn de krystfakânsje fan 2009 wer genietsje koe fan in 'eigen' famyljefoarstelling yn De Harmonie te Ljouwert. Tryater produsearre de foarstelling, 'n Meeuw levere mar leafst 19 jonge spilers, dy't om beurten (fanwege arbo-regels) meispielen en De Harmonie fasilitearre en soarge foar produksjonele en technyske stipe.

De prachtige famyljefoarstellingen fan earder hie 'k noch yn 'e holle: 2000/2001: **Ronja de rôversdochter**, 2003/2004: **It mirakel van Hansje Brinker** en yn 2006/2007 **Liuwehert**. Dat ik wie wol benijd hoe't it diskear útpakke soe. Dêrfoar wiene trije boeken fan Nynke Hichtum bewurke ta de foarstelling: **De striid om de sulveren bal**. Keatsleafhawwers witte dan daliks: dat hat te krijen mei keatsen! De sulveren ballen yn de fitrines fan De Harmonie - op himsels in goed idee - brochten my lykwols earder Krysttiid as it keatsen yn it sin. Fansels, it stik spile yn 'e tiid fan 'e krystdagen, mar koe der wier net in echte sulveren bal toand wurde, yn in befeilige fitrine? Dan koe it publyk ek sjen hoe spesjaal en kostber oft sa'n 'sulveren bal' foar in keatsjer wie. Dat rekket it hert, soe'k sizze.

De boeken

It stik is dus basearre op trije boeken fan Nynke van Hichtum, de skriuwernamme fan Sjoukje Maria Diderika Troelstra-Bokma de Boer (1860 – 1939). De skriuwster hat trouw west mei Piter Jelles Troelstra,



Flyer fan Tryater.